*De Stichting Fryske Akademy docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydissiplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplike debat, draacht by oan it akademyske klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en genereart ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. Op dy wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engagement mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre.*

Wy binne mei yngong fan maart 2026 op syk nei:

# Foarsitter Genealogysk Wurkferbân

ûnbetelle

Wolsto dy ynsette foar de genealogy yn Fryslân, dit tema ûnder de minsken bringe en dy ferbine mei de Fryske Akademy? As fersterking fan ús wurkmienskip sykje wy in foarsitter foar it Genealogysk Wurkferbân. Wolsto dy ûntjaan yn in omjouwing dêr't dyn ynteresse foar genealogy en wittenskip gearkomme? Organisearrest graach eveneminten? Bisto op 'e takomst rjochte, wurkest graach ynterdissiplinêr én wolst meitinke oer hoe't de Fryske Akademy troch boargerwittenskip stevich yn de Fryske mienskip stean kin? Dan moetsje wy dy graach.

## Wat silst dwaan?

As foarsitter fan it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy wurkest mei minsken dy't op ferskate wizen dwaande binne mei genealogy yn Fryslân. Dêrneist tinksto nei oer hoe't dit ûndersyk fierder ferspraat wurde kin ûnder de minsken. Mei de rest fan it bestjoer organisearrest lêzings, ekskurzjes en yn 'e mande mei de redaksje draachst soarch foar de útjefte fan it Genealogysk Jierboek. Boppedat tinkst op fernijende en ynterdissiplinêre wize nei oer de takomst fan genealogysk ûndersyk en fan de wurkmienskip fan de Fryske Akademy.

## Wy sykje in foarsitter dy't

- Niget hat oan en/of ûnderfining hat mei genealogy
- Graach organisearret en goed oersjoch bewarje kin
- Meitinke wol oer de takomst fan de wurkmienskip fan de Fryske Akademy
- Thús is yn in twatalige omjouwing (Frysk/Nederlânsk)
- Ungefear deidiel wykliks beskikber is
- Mooglik ek redaksjonele ûnderfining hat

## Dyn wurksumheden besteane û.o. út:

- It organisearjen fan gearkomsten op it mêd fan genealogy
- It begelieden fan fergaderingen

- It byhâlden fan kontakt mei oare genealogen en ferieningen
- It meitinken oer de takomst fan de wurkmienskip fan de Fryske Akademy
- It bywenjen fan sa folle mooglik fan de ferskate aktiviteiten fan it Wurkferbân

## Wat biede wy?

- In belutsen en kundich bestjoer
- In netwurk fan sa'n 150 besiele genealogen en bining mei in wittenskiplike omjouwing
- Mooglikheden om troch boargerwittenskip wat te betsjutten foar de mienskip

## Oer de wurkmienskip fan de Fryske Akademy

De Fryske Akademy is yn 1938 út de Fryske mienskip (bottom-up) wei oprjochte mei as doel: *"It yn stân hâlden fan in wurkmienskip, dy't him taleit op it beoefenjen fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn al syn uterings, en soks yn romste sin, ferbûn is."* De wurkferbannen en wurkgroepen binne in wichtich en histoarysk ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Sy soargje foar ynbêding en fersprieding fan ús ûndersyk yn de mienskip en jouwe de kâns om de regio aktyf by it ûndersyk te belûken. Dat past by de misje fan de Fryske Akademy. Under de neamer fan citizen science (boargerwittenskip) wol de Fryske Akademy de bannen mei de wurkferbannen noch mear oanhelje en neitinke oer in fernijde en duorsume organisaasje fan de wurkmienskip.

## Oer it Genealogysk Wurkferbân

It Genealogysk Wurkferbân (sûnt 1946) graaft yn 't papierene ferline fan Fryslân. Genealogen hâlde harren dwaande mei it ûndersyk fan geslachten, ek yn breder ferbân. Sa wiene leden fan it Genealogysk Wurkferbân belutsen by in útstalling fan it Fries Museum oer skilder Wybrand de Geest (1692-1663/1665) en publisearje se alle jierren it Genealogysk Jierboek: in wichtich neislachwurk foar genealogen, skiedkundigen en oare ûndersikers yn Fryslân. Yn it winterskoft organisearret it Genealogysk Wurkferbân, somtiden yn oparbeidzjen mei Fryske ôfdieling fan de Nederlanse Genealogische Vereniging, lêzingen mei genealogyske tema's.

## Wolst mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje mei in kopke kofje/tee. Nijsgjirrich wurden? Nim **foar 3 desimber 2025** kontakt op mei Jantine van der West fia it e-mailadres wurkmienskip@fryske-akademy.nl o.f.f. "Oprop foarsitter GWF". Wy nimme sa gau as mooglik kontakt mei dy op.